

PARSEBERJOCHT / útnoeging foar de parse

9 oktober 2015

No ek: Tomkeradio

Fan snein 18 oktober ôf

Efkes harkje nei in ferhaal fan Bear Boeloe, de aventoeren fan Tomke of de moaiste Fryske ferskes? Dat is allegearre mooglik op de nije ynternetstjoerder fan Omrop Fryslân: Tomkeradio. 24 oeren deis online Fryske berne-radio. Tomkeradio wurdt op snein 18 oktober lansearre by de berneboekedei yn Terherne en is fan dan ôf online te finen.

Tomkeradio is der foar bern tusken de 2 en 7 jier âld. De hiele dei binne der sawol ferskes as ferhaaltsjes te hearren op it ritme fan de dei. Dat betsjut: moarns ferskes en ferhaaltsjes foar de lytste bern en middeis ferskes en ferhaaltsjes foar de wat gruttere bern. En wa lêst der fan 'e jûn foar? Tomkeradio fansels! Om bêdtiid hinne binne der in oere lang Tomke ferhaaltsjes te hearren op de stjoerder.

Yn it Kameleondoarp yn Terherne wurdt op snein 18 oktober Tomkeradio lansearre troch Omrop Fryslân. Om 13.00 oere giet dêr de berneboekedei fan start. Op dizze dei kinne bern foar it earst nei de nije ynternetstjoerder harkje. Op de berneboekedei is der in Tomkeradio-romte wêr't de bern lekker delploffe kinne om de nije ynternetstjoerder te ûntdekkjen. Fan dan ôf is de stjoerder 24 oeren deis online te beharkjen. Mear ynformaasje oer de berneboekedei en it programma is te finen op <http://www.kinderboekendag.nl/>.

Alle ferskes en ferhaaltsjes op Tomkeradio binne Frysktalich. Tomkeradio is te finen fia de websiden fan Omrop Fryslân, SkoalTV en de Fryske biblioteken. Tomke is alle wykeinen op sneon en snein om 7.20 en 8.20 oere te sjen op Omrop Fryslân Televyzje. Mear Tomke is te finen op www.tomke.nl.

Noat foar de redaksje / útnoeging foar de parse:

Graach noegje wy jo bern en jo út om Tomkeradio te ûntdekkjen by de Fryske Berneboekedei.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT / uitnodiging voor de pers

9 oktober 2015

Nu ook: Tomkeradio

Vanaf zondag 18 oktober

Even luisteren naar een verhaal van Bear Boeloe, de avonturen van Tomke of de mooiste Friese liedjes? Dat is allemaal mogelijk op de nieuwe internetzender van Omrop Fryslân: Tomkeradio. 24 uur per dag online Friese kinderradio. Tomkeradio wordt op zondag 18 oktober gelanceerd bij de kinderboekendag in Terherne en is vanaf dan online te vinden.

Tomkeradio is er voor kinderen van tussen de 2 en 7 jaar oud. De hele dag zijn er zowel liedjes als verhaaltjes te horen op het ritme van de dag. Dat betekent: 's morgens liedjes en verhaaltjes voor de kleinste kinderen en 's middags liedjes en verhaaltjes voor de wat grotere kinderen. En wie leest er vanavond voor? Tomkeradio natuurlijk. Rond bedtijd zijn er een uur lang Tomke verhaaltjes te horen op de zender.

In het Kameleondorp in Terherne wordt op 18 oktober Tomkeradio gelanceerd door Omrop Fryslân. Om 13.00 uur gaat daar de kinderboekendag van start. Op deze dag kunnen kinderen voor het eerst naar de nieuwe internetzender luisteren. Op de kinderboekendag is er een Tomkeradio-ruimte waar de kinderen lekker kunnen neerploffen om de nieuwe internetzender te ontdekken. Vanaf dan is de zender 24 uur per dag online te beluisteren. Meer informatie over de kinderboekendag en het programma is te vinden op <http://www.kinderboekendag.nl/>.

Alle liedjes en verhaaltjes op Tomkeradio zijn Friestalig. Tomkeradio is te vinden via de websites van Omrop Fryslân, SkoalTV en de Friese bibliotheken. Tomke is elke weekend op zaterdag en zondag om 7.20 en 8.20 uur te zien op Omrop Fryslân Televisie. Meer Tomke is te vinden op www.tomke.nl.

Noot voor de redactie / uitnodiging voor de pers:

Graag nodigen wij uw kinderen en u uit om Tomkeradio te ontdekken bij de Fryske Berneboekedei.

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.